

Poëtyske bespegelingen by it lêste eintsje

Plak: Posthuistheater, It Hearrenfean. **Foarstelling:** Eintsje Libben. **Tekst:** Rients Gratama. **Selskip:** Tryater. **Akteurs:** Rients Gratama, Jan Arendz, Alyt Damstra. **Regy:** Ira Judkovskaja. **Taskôgers:** 430 (útferkocht). **Noch te sjen:** hjoed op It Hearrenfean; 14 oktober yn Balk en fierder oeral yn Fryslân.

IT HEARRENFEAN - In klok, in fyts, in ûle, in pleats en in alderhanne oare figuerseage plaatsjes skowe op lytse stokjes foar in lampe dy't se as in foarby glydzjend skaad op it lewant projektearret. Yn 'e rin fan dizze lytse, yntime foarstelling wurdt dat begjinbyld hieltyd dúdliker en trefender. Want wêr hawwe dy twa âldere hearen op dat bankje by de boskrâne it oer?

Fanút it lêste 'eintsje libben' beskôgje se dat wat der oan foarôf gong en dat wat der noch fan oer is. Fan alles passeart de revu: de tocht dy't de ien as jonkje fan trettjin yn 'e hongerwinter nei Fryslân makket, it jonkje dat syn heit ferlear, de frou fan wa't se beide hâlden, it libben



F.l.n.r. Alyt Damsma, Rients Gratama en Jan Arendz.

Foto Karel Zwaneveld

as optelsom fan leafde en fer- triet. Of as in ûnnoazele fraksje fan de ivichheid. As in skaad

skoot alles foarby.

It tema fan Rients Gratama syn earste toanieltekst lient him poerbêst foar it nostalgysk, mankeliik meneuvelen fan twa âlde sokken. Mar dat is it absolút net. De twa freonen hawwe in lange skiednis dy't wy mar stikje by bytsje te hearren krijen. Dat makket nijsgjirrich oant en mei de ein ta. Underwilens wurde wy traktearre op in grut ferskaat fan sydpaden dy't no ris hiel komysk, dan wer tige filosofysk of frijwat poëtysk útpakke. De personaazjes tsjûgje dêrby net fan in al te grutte psychologyske djipgong. 'De Hollanner' - spile troch Gratama sels - is it type fan de relativearjende romantikus; syn maat 'de Pin' (Jan Arendz) is as âld-boekhâlder wat rasjoneler, mar ek nuchterder ynsteld.

Hoe't dy karaktertrekken mei har libben gearhingje komme wy net te witten, mar om soksoarte fan ferklearingen út it ferline wei is it de skriuwer ek net te dwaan. Leaver brûkt er dizze twa minsken om sjen te litten hoe't se it hottefyljen behear- skje en dochs fan inoar hâlde,

hoe 't se stride tsjin de angst om har ûnthâld te ferliezen, of om harsels net te ferliezen yn it fuort relativearren fan harren libben. Mei tal fan herhellingen en fersnellings krijt de tekst bytiden wat fan in sprekkoar en foaral dy muzikale, poëtyske styl makket dizze foarstelling ta in bysûndere ûnderfining.

De komst fan in jong famke (Alyt Damstra) makket noch dúdliker dat Gratama him net te bot om realisme bebroadet. Wêr't se weikomt - mei har hân- taske yn 'e foarm fan in tekkel - of werom se oan dizze mantsjes hingje bliuwt docht der net safolle ta. Mar mei har hast ûnierdske fersking prikkelet se de âld freonen wol om ek mei de lêste geheimen foar it ljocht te kommen. Yn dit part falt foaral it sublime akteartalint fan Jan Arendz op. Mei syn housterige skonken en ûnhandige hannen foarmet syn ekspressive holle de ferbining tusken it jonge en it âlde libben.

'Eintsje libben' is sûndermis in yntime, brekbare mar ek fer- rassend frisse foarstelling.

HANS BRANS